

Lytse do smyt fragen op

FD 25-8-7

troch Yvonne Dijkstra

By it lêzen fan romans sa as *Lytse do: dei-en nachtboek foar in stjerrebern* - dy't yn dei-boekfoarm ferteld wurde - fielst dy al gau in foyeur. Ik betrape mysels ûnder it lêzen dan ek geregeldwei op folslein oerstallige gedachtes as 'soe dat wier bard wêze?' It antwurd op dy fraach is lykwols net wichtich, want it ferhaal op himsels hat ynhâld genôch om de oandacht fêst te hâlden. Doch rekke it my nearne wier.

As har dochter ûnbedoeld swier rekket, begjint Kike in deiboek te skriuwen foar it berntsje dat op kommandewei is. Ut de losse pols wei filosofearjend wurdt it ferhaal opboud: hoe't dochter Gitte har ûntjout ta mem en hoe't har mem Kike stadichoan mear beppe wurdt. Eltse nije wike begjint mei in koarte omskriuwing fan it stadium wêryn't de foetus - dy't fan Kike as wurkstitel 'Lytse do' krigen hat - sit. Sa lêze we by wike 24 bygelyks: 'dyn gehoar is no folslein ûntwikkele en do begjinst op lûden te reagearjen. Bist ien en al ear. Dizze tekstjes hâlde de lêzer by de les: úteinlik giet dizze roman, nettjinssteande alle 'om-

ballingen', oer Lytse do.

De foarm dy't Claus keazen hat, smiet by my sa no en dan wol wat fragen, en dêrtroch ek irritaasjes, op. Doe't ik dêr ris op omstinde, ûnduts ik dat dat te krijen hie mei de subtitel: dei-en nachtboek FOAR in stjerrebern: it 'foar' yn de titel sette my op 'e ferkearde foet. It suggerearret ommers dat dit dei-en nachtboek ornearre is foar de oanstearde beppesizzer, wylst dat net oeral bliken docht út de fertelwize. Skriuwt Kike foar ús as lêzer of meie wy allinnich mar meilêze wat hja foar Lytse do op skrift stelt? Neffens my it earste, want: as hja dit foar har bernsbern skriuwt, is it dan bytiden net wat te heechdravend? Sels skriuwt Claus yn it foaropwurd dit: 'Foar it publisearjen fan sa'n ferhaal-op-de-fjouwerkante-sintimeter is moed nedich. Lêzers kinne dy maklik betichtsje fan narsisme of eigenwizens. (...) Likegoed binne tinzen, ûnderfiningen en gefoelens it yn alle fazen fan in minskelibben wurdich om mei oandacht skôge te wurden.' Ik bin it dêr mar foar in part mei iens: fansels binne tinzen, ûnderfiningen en gefoelens it wurdich om mei oandacht skôge te wur-

den, mar moat dat perfoarst yn de foarm fan in boek barre? It dei-en nachtboek sa as it no skreaun is troch Kike, sil pas oer hiel wat jierren geskikt wêze foar har beppesizzer.

Miskien is dat ek de reden dat Lytse do my net reitsje koe: ik fielde nearne wier de bân tusken Kike en har beppesizzerke. Lytse do bliuwt wat it is: in foetus, dy't pas in gesicht krije sil nei de berte. Dêr stiet foar oer dat de relaasje tusken Kike en har dochter Gitte wiidweidich oan bod komt: fral dat it net altyd maklik west hat tusken dizze mem en dochter dy't sa'n soad op inoar lykje. It personaazje Gitte makket de grutste ûntjouwing troch, mar dat is ek wol logysk yn har posysje fansels.

Om koart te gean: Lytse do is in hiel aardige roman, dy't der boppedat hiel oantreklik útsjocht. Ik bin der dan ek wis fan dat dit boek in soad (frou)lju oansprekke sil, omdat it ferhaal tagonklik en werkenber is en ek noch maklik fuortlêst. Mar my wier reitsje? Nee, dat hat dit boek net dien.

Lytse Do: dei-en nachtboek foar in stjerrebern, Marga Claus, Utjouwerij Fryslân, Ljouwert, priis: 15 euro.

